

Taspraak boargemaster K. Agricola yn 'e tsjerke

Demokrasjy komt mei in ferantwurdlikheid

20 juny 1943. In gleone simmerdei. It is de dei dat hûnderten Joaden harren meldde op it Olympiaplein yn Amsterdam. Men kin oan de gesichten sjen dat se yn noed sitte want hja geane in ûnwisse en ellindige takomst yn 'e mjitte. Om mar safolle mooglik klean meinimme te kinnen, hawwe se ferskillende stikken klean oer elkoar oanlutsen. Dat moat in yndringend byld west hawwe.

Underwilens gie it alledaagse libben yn Amsterdam gewoan troch. Op it sportfjild tichteby wurdt gewoan trochspile. De wachtsjende Joaden wienen dêr mei each en ear tsjûge fan. Sa wurde op foto's fan dy dei it ûnfermogen as de ûnwil om begien te wêzen mei de oar, yn byld brocht.

Wy binne hjir hjoed om te herinnerjen. In protte minsken dy't hjir binne hawwe de oarloch sels net meimakke. Op skoalle leare wy oer de Twadde Weareldoarloch. Benammen de persoanlike ferhalen fan harren dy't de oarloch oerlibbe hawwe, meitsje yndruk. Foto's en ferhalen litte sjen hoe wreed de iene minske foar de oare wêze kin en wat ûnferskilligens mei minsken dwaan kin.

Op 10 maaie 1940 waard alles oars yn Nederlân. De demokrasjy waard bûtenspul setten. Fan frije ferkiezings wie gjin sprake mear. It iepen en frije debat, mei romte foar al dy stimmen en lûden, ferstomme. It waard stil. Benei 80 jier letter wolle de foto's, ferhalen en fysike herinneringsplakken ús, ús jongerein, mar ek takomstige generaasjes der fan oerstjûgje dat wy wiis wêze moatte mei ús demokrasjy en dat wy dy hoedzje moatte. Want demokrasjy kin ek yn tiden fan frede gefaar oprinne, as minsken, stadichoan, muorren oplûke tusken de ferskillende groepearings yn ús mienskip. En dat wy dat op in stuit 'gewoan' begjinne te finen.

Dit jier fiere wy dat it algemien kiesrjocht 100 jier âld is. Wy witte hokker striid der foar fierd wurden is, benammen troch de arbeiders en de froulju. En wy kenne de wearden dy't der achter skûl geane: in gelikense behanneling, wat it geslacht, de ôfkomst en religy men ek hawwe mei.

De frijheid fan mieningsutering, de ûnôfhinklike rjochtspraak en it respekt foar minderheden. Yn frijheid kieze kinne fitert oan om selsstannich te tinken, om dy as individu goed ynformearje te litten, in miening te foarmjen en om dy kritysk opstelle te kinne ta de selskeazen folksfertsjin-wurdiging en regearing. It freget en stimulearret belutsenheid.

Mar dêrmei binne wy der noch net. It algemien kiesrjocht is it fûnemint fan ús demokrasy. En op dat fûnemint moatte jo fierder bouwe. At men allinnich de fundearing sjen kin dan liket sa'n plak desolaat. In bouwurk op dat fûnemint blaast der libben yn. Demokrasy is net samar in gegeven. It is in 'opdracht' dy't noch altiten aktueel is. Der binne noch altiten persoanen, groepearings en partijen dy't allinnich mar ferdieldheid siedzje wolle. Hoe't wy yn Nederlân der ek op rjochte binne om op freedsume wize gear te wurkjen en mei elkoar op te arbeidzjen. Wy witte dat de skiednis in kear nimme kin.

Elie Wiesel oerlibbe Auschwitz. Hy wie helder oer de gefaren dy't swijen en fuortsjen mei harren meibringe. Hy sei: It tsjinoerstelde fan leafde is net haat, mar ûnferskilligens. It tsjinoerstelde fan frede, is ûnferskilligens, oer frede en oarloch. It is in bittere les fan it ferline. En ek in opdracht foar de takomst. Want ús demokrasy freget om ús ferantwurdlikheid. Troch fanút de frijheid fan no werom te sjen nei de ûnfrijheid fan doe, sjogge wy skerper as oait dat in demokrasy net allinnich jout mar ek freget. It freget ús om mei te dwaan.

Troch gebrûk te meitsjen fan dyn rjocht om te stimmen. Troch it debat oan te gean, mieningen út te wikseljen, nei oaren te harkjen, kritysk te oardielen en troch kompromissen te sluten. Troch de stim fan de minderheid, hoe't dy ek ôfwykt, te erkennen. En troch yn steat te bliuwen om yn'e skuon fan in oar stean te gean, om begien te wêzen mei dy oare.

Wy moatte ús jongerein fertelle oer de skiednis. Soargje dat dy libben bliuwt en dat herinnerings bewarre bliuwe foar de takomst. Harren aktyf belûke by de 4 maaie-betinking en de fiering fan De Dei fan de Frijheid. Wy libje yn in wrâld wêryn't oarloch én frede ta de alledaagse wurklikheid hearre.

Yn ús frije, iepen mienskip moatte wy – fanút it foarrjocht om der part fan útmeitsje te meien – net fuortsjen. Net ûnferskillich wêze. En wy meie noait wenne oan in byld fan in groep minsken – dy't nettsjinsteande de fûle simmersinne dikke truien en jassen oan hawwe – mei de noed op harren gesichten wachtsje op harren deportaasje.

Taspraak K. Agricola by it monumint

It monumint, hjir op'e Krúshoeke, in man, in frou en in berntsje, stiet symboal foar in húshâlding yn in oarlochssitewaasje. De man mei it gesicht op'e Falom, de frou mei it gesicht op Dokkum, treaste elkoar en it berntsje mei blommen moat de takomst yn frede ferbyldzje. Op 19 jannewaris 1945 wie ommers de oanslach by de flapbrêge op'e Falom. As represaille foar de dea fan twa besetters wurde der op 22 jannewaris yn Dokkum 20 minsken fusilleard. It monumint, makke troch David van Kampen, is fan bliuwende wearde foar ús gemeente. It docht ús alle jierren wer letterlik stilstean by it oarlochsgeweld dat him ek yn hjir, sa tichtby ôfspile hat.

Hjoed betinke wy de Nederlânske oarlochsslachtoffers. Elkenien – boargers en militêren – dy't yn it Keninkryk der Nederlanden of wêr ek mar op'e wrâld, omkommen as fermoarde binne sûnt it útbrekken fan de Twadde Weareldoarloch, en dêrnei yn oarlochssitewaasjes en by fredesoperaasjes.

Hjoed betinke wy ûnder oaren Jochum Fennema. In jonge boer dy't opgroeide yn de gemeente Dantumadiel. Jochum berne yn Driezum, wie noch mar ien jier âld doe't er syn mem ferlear. Hy waard grutbrocht by in omke en muoike yn Rinsumageast. Yn 1936 troude er mei Antje Miedema. Hja buorken op in spultsje oan de Dokkumerloane yn Wâlterswâld en hienen twa bern, Akkeliena en Sjoerd Klaas, doe't de oarloch útbruts.

Jochum waard by de mobilisaasje yn 1939 oproppe foar it leger en yn de maaiedagen waard hy stasjonêard yn de omkriten fan Haarlem. Op Pinkstersnein 12 maaie 1940 tilde it op fan de Dútske parasjutisten dy't delkamen yn de dunen by fleanfjild Valkenburg ûnder Katwijk. Jochum soe sneuvelje tidens de gefjochten dy't dêr op folgen. Jochum soe net wer weromkomme oan de Dokkumerloane yn Wâlterswâld. Hy wie noch mar 28 jier, syn frou en beide berntsjes bleaunen achter sûnder man en heit.

Mei 44 oare sneuvele militêren is Jochum begroeven yn it doarpke Valkenburg. Jochum Fennema is ien fan de nammen fan ynwenners fan Dantumadiel dy't foar it lân fallen binne, de namme stiet ek op it oarlochsmonumint oan de Eyssingawei te Rinsumageast.

It monumint hjir hâldt de herinnering net allinnich oan Jochum libben mar ek oan al dy oaren dy't sneuvele binne foar ús frijheid. Hjoed en yn de takomst. Dêrom wolle wy ek dat safolle mooglik bern en de jongerein aktyf meidogge en stilstean by De Dei fan de Frijheid. Hieltiten mear komt it besef dat de geskiedenis fan oarloch en befrijing net allinnich is fan wat west hat, fan froeger. Wy libje yn in wrâld wêryn't wy alle dagen wer oan konfrontearde wurde mei oarloch en frede.

Basisskoalle De Fontein hat it monumint adopteard. Troch op it monumint te passen reitsje hja belutsen by de geskiedenis. Hja ûntdekke it ferhaal achter dit monumint. Hja leare wat 'herdenke' is en wêrom't it sa belangryk is om de ferhalen út de oarloch, troch te fertellen. Want sa't monumint ús al fertelt: Frijheid is in kar dwaan, tusken goed en kwea, en dêr foar stean en as 't moat, dêr foar foar falle.

Litte wy dêrom hoopje dat wy en ús jeugd noch lang dy frijheid hoedzje meie en noait dy drege keuze hoege te meitsjen.